

KÂLDE KAK EN

TATOEAAZJE



SPILE TROCH FUORT MAR LOS

KÂLDE KAK

EN TATOEAAZJE



SPILE TROCH FUORT MAR LOS

Kâlde kak en tatoeaazje

fan Carl Slotboom
rezjy Boudewijn Kramer

Freed 8 maart [19.00]

Sneon 9 maart [20.00]

yn Noflik Easterein

Spilers: Rigt Bergsma, Gabriele Bouma,
Siebolt Bouma, Elisabeth Breeuwsma,
Jaap Hoekstra, Berend Santema,
Ype Tiemersma en Akke Veldman

Ynstekster: Baukje de Jong

Grime: Karin Tijssen

Ljocht: Jelmer Kingma

Lûd: Theo de Jong

Dekor: Paul de Bruin, Gerlof Dijkstra,
Ria Dijkstra en Tom Veldman

Fotografy: Mick de Bruin



In blijspul

oer ûnbekende famyljeleden dy hommels en dwers
en op in ûngaadlik momint op besite komme. Wannear
de optwingeriche en bretale Sjef Bruinsma fertelt dat
se ek noch fan plan binne om sa'n fjirtjin dagen te
bliuwen, rekket de deftige famylje Van
Sloten folslein yn paniek. ûnderwilens hat de
spiersterke soan fan Sjef in eachje op
Marie-Claire, de dochter fan it hûs. Ek fan
de partij binne de ûnnoazele Truus, de
arrogante Adelheid, de benaude Eugene en de
wurche Willem-Jan, de ferloofde fan Marie-Claire.
De Russyske freondinne Svetlana docht ek noch
in oartsen yn'e ponge. Gelokkich hat de famylje
Van Sloten in swimbad.

Kaarten en vrijkaarten

De entree is € 7,50 voor volwassenen en € 3, - voor
kinderen. Op vrijdag is de kassa open vanaf 18.30; op
zaterdag van 19.30. Iedereen die gebruik maakt van
de automatische overschrijving kan zijn vrijkaarten
afhalen vanaf een half uur voor het begin van de
voorstelling.



Toanielferiening 'Fuort mar los'
Sippersbuorren 11, 8734 GT Easterein

Oan de redaksje fan
ornearre foar dhr./mefr.

Parseberjocht

Easterein, 14 febrewaris 2013

ÂLDERWETSK LAITSJE FOAR ELTSENIEN ÚT EASTEREIN EN OMKRITEN

Toanielferiening 'Fuort mar los' spilet 'Kâlde kak en Tatoeaazje' op sneon 9 maart om 20.00 oere yn de toanielseal fan Noflik Easterein, Sibadawei 2 te Easterein. Op freed 8 maart is de generale-útfiering, dan begjinne we om 19.00 oere. Eltsenien is fan herte wolkom foar in noflike jûn.

'Kâlde kak en tatoeaazje' is in stik fan Carl Slotboom en is fertaald troch Abele Krist.

De rezjy is yn hannen fan Boudewijn Kramer en Baukje de Jong is ynstekster.

It stik wurdt spile troch: Rigt Bergsma (Adelheid van Sloten), Siebolt Bouma (Boris Bruinsma), Elisabeth Breeuwsma (Svetlana Karpatov), Gabriele Bouma (Marie-Claire van Sloten), Jaap Hoekstra (Willem-Jan Buitenveld), Berend Santema (Eugene van Sloten), Ype Tiemersma (Sjef Bruinsma) en Akke Veldman (Truus Bruinsma).

Ek dit jier stiet it spesjale ûntfangstkomitee wer foar jim klear, mar wat der dan bart, bliuwt noch yn ferrassing.

'Kâlde kak en tatoeaazje' is in blijspul yn trije bedriuwen en giet oer ûnbekende famyljeleden dy hommels en dwers en op in ûngaadlik momint op besite komme. Wannear de optwingerige en bretale Sjef Bruinsma fertelt dat se ek noch fan plan binne om sa'n fjirtjin dagen te bliuwen, rekket de deftige famylje Van Sloten folslein yn panyk. ûnderwilens hat de spierkrêfte soan fan Sjef in eachje op Marie-Claire, de dochter fan it hûs. Ek fan de partij binne de ûnnoazele Truus, de arrogante Adelheid, de benaude Eugene en de wurge Jan-Willem, de ferloofde fan Marie-Claire. De Russyske freondinne Svetlana docht ek noch in oartsen yn'e ponce. Gelokkich hat de famylje Van Sloten in swimbad.

In tagongskaartsje kostet € 7,50 en nei ôfrin is der noch in ferlotting mei moaie prizen.

Mear ynformaasje is te krijen by

Karin Sjaarda, Sippersbuorren 11, 8734 GT Easterein
tel. 06-24962215 /email: karinsjaarda@hetnet.nl
Sjoch fierder bylage 1 (foto's).

De twadde priis foar ‘Fuort mar los’

Op 24 novimber wie it safier: de útrikking fan de STAF toanielpriis fan 2012. STAF is it oerkoepeljend toanielorgaan foar it Fryske amateurtoaniel yn Fryslân en telt 145 oansletten selskippen. De Staftoanielpriis wurdt ien kear yn de trije jier útrikt oan selskippen dy sjen litten hawwe dat sy fan mear as gewoane betsjutting binne foar it toaniel yn al syn foarmen. De selskippen wurde beoardiele troch in sjuery besteande út trije minsken. Dit jier wienen dat Johanneke Liemburg, Tjerk Kooistra (regisseur en teatermakker) en Eelco Venema (akteur Tryater). ‘Fuort mar los’ wie mei in grutte delegaasje oanwêzich op de feestlike jûn yn De Skâns op De Gordyk. Wy koene genietsje fan it optreden fan kabaretier Theun Plantinga, mar eins tochten wy mar oan ien ding: soenen wy yn’e prizen falle as net?



Foarsitter Halbe Overal ûntfangt de STAF toanielpriis

En dan wie it safier. De earste priis, in jildpriis fan €1000,- , wie foar 'Op nij feriene' fan Bantegea. De sjuery wie fan miening dat dit selskip harren spilers útdaget ta nije dingen. De twadde priis, in priis fan € 250,-, wie foar 'Fuort mar los'. Yn it sjueryrapport stiet û.o. dat de sjuery ûnder de yndruk is fan de opteinens fan 'Fuort mar los' en dat dit selskip it Frysk toaniel yn Easterein op útdaagjende en útnoegjende wize oan it fuotljocht bringt. De sjuery hopet dat wy sa trochgean.

Wy binne tige bliid mei dizze oanmoediging en wy geane net allinnich troch, mar ek fierder. Yn 2013 wolle wy besjen at wy yn Easterein in jongereinploech opsette kinne.



Spilers, bestjoer en regisseur fan 'Fuort mar los' binne tige bliid mei de priis

Toanielferiening 'Fuort mar los' wol in 2013 in jongereinploech opsette!

Wolle jo meitinke, meidwaan, mei organisearje en/as meispylje, stjoer dan in e-mail nei Halbe Overal: hoval@home.nl.

Net te lang oer neitinke, gewoan dwaan!